

IT GUOZZEROER

RINK VAN DER VELDE

It Guozzeroer

BORNMEER

Dizze útjefte is ta stân kommen mei stipe fan de Provinsje Fryslân en
Stifting FLMD

© 2001 Rink van der Velde

© 2020 útjouwerij Bornmeer | erven Rink van der Velde

Foarmjouwing omslach Jelle F. Post

Ofbylding omslach Sjoerd de Vries, *De Deelen*, 2006

Printwurk Wilco, Meppel

ISBN 978 90 5615 641 1

NUR 524

Alle rjochten foarbehâlden. Neat út dizze útjefte mei fermannichfâldige en/
of iepenbier makke wurde troch printsjen, fotokopy, mikrofilm of op hokker
wize ek, sûnder dat dêr skriftlike tastimming oan foarôf giet fan útjouwerij
Bornmeer, postbus 234, 8400 AE De Gordyk, Nederlân – info@bornmeer.nl.

Bornmeer is in ymprint fan

20 leafdesdichten en in liet fan wanhoop bv

www.bornmeer.nl

IT ROER

Dit is de histoarje fan in guozzeroer en fan de man dy't der om dea it libben mei behâlden hat. Mar it is ek in bytsje de skiednis fan in bysûndere motorfyts. De beide attributen, it roer – in heul apart jachtwapen, om 1870 makke yn it Ingelse Leeds – en de motorfyts – in BMW mei sydspan, boud yn 1941 yn it Dútse München – binne út 'e tiid. As jo se sjen wolle, moatte je der foar nei in museum. De man dy't dermei te krijen hat, Bavius Bouma, is ek út 'e tiid. Hy is 83 wurden. It wie in ûnopfallende man. Ik koe him al jierren doe hie 'k noch neat bysûnders oan him opmurken.

No moat der noch ien persoan by, dan ha wy it measte hân en kin ik los mei myn ferhaal. Dy persoan is de Russise faam Irina. Irina mei de kante stuten, neffens de omskriuwing fan Bavius. Ik ha har net kend, mar Bavius koe har namste better.

Bavius Bouma wenne yn in oanleunkeammerke fan it âldereinsintrum yn Akkrum. De keamer wie eins te lyts

foar dat ûnbidige stik sjitark, it guozzeroer. Wy hienen it oer de flier lizzen en it koe der oerders eins mar krekt yn. De kolf lei heal ûnder it teekastje, de loop in ein ûnder it bêd op. ‘Dizze hat it boadskip goed oerbrocht, dat wik ik dy,’ sei Bavius en hy seach my even oan wylst der in nuveraardich glimke oer syn smelle kaken gyng. Bavius seach de minsken noait oan, hy prate fansiden of foardel en hy seach altiten by jo lâns.

Ik koe it my wol yntinke dat dit gewear it boadskip goed oerbrocht. Sa’n guozzeroer is net in gewoan jachtgewear, it is eins mear in kanon. Stel jo in musket foar sa’t jo dy op histoarise ôfbyldings fan fjildslaggen wolris sjogge. In man mei in helm op dy’t rjochtoerein stiet en syn sjitark yn in gaffel lizzen hat. De izeren ûnderein fan dy gaffel hat er stevich yn ’e grûn set. As er it gewear ôfsjit, hinget er mei de heule lea tsjin de kolf om de skok op te fangen. As it skot derút is, stiet de skutter even yn in wolk fan swart krûd en pas dêrnei kin er sjen wat syn skot út-rjochte hat.

Bavius syn guozzeroer wie 2,70 meter lang, ha ’k neimetten. Neffens myn beroai wie it altiten wol 25 kilo swier, Bavius sels hold it op in pûn of sechstich. De kolf en it foarhout wienen út ien stik hout makke, Bavius tocht dat it bjirk wie. It wie min te sjen, der sieten in protte mûge-gatten yn en dy wienen ticht smard mei tarre.

It hie der noch goed ynlinge oft it guozzeroer wol mei

ferhúzje mocht nei it oanleunwenninkje. Direktrise hie in hekel oan houtwjirm, sei Bavius. Hy hie sein dat dy môge der al trije fearnsiuw ynsiet en dat er it lêste libbene guod fyftich jier lyn útroege hie. Likegoed hienen se yn it earstoan in protte beswieren. En eins hienen se dy noch altiten. Wêr wie it goed foar en set sa'n ôfgryslík moardwapen te pronk? Sa't al sein is, it paste net iens yn it keammerke. It stie op 'e fierste kant skean omheuch tsjin de souder, as de susters kamen te stofsûgjen stie it altiten yn it paad.

'Dat roer moat net fuort,' sei Bavius.

'Wêrom wolle jo dat hâlde, Bouma?' fregen se him.

'Ik ha der in sin by,' sei Bavius en mear woe hy der net fan sizze.

Wat kinne jo yn it fjild mei sa'n guozzeroer út 'e wei sette? Net te min, nim dat mar fan my oan. Der gyng hast in healpûn krûd yn en dan koe it wol in kilo lead lije. As dat protte skroat derút kaam, dan barde der wat, soks kin men fan tinken wol ha. Yn Skotlân en Ierlân skeaten se der robben mei, ha se my yn it jachtmuseum Doorwerth ferteld. As dy seehûnen moai ticht byinoar op in sânplaat leinen te sliepen en dat skot gyng deroer, dan leinen der soms tsien tagelyk kroandea. Op de Waadsee moatte se ek yn gebrûk west ha en yn it Fryske wetterlân jagen se der winterdeis mei op guozzen, wylde swannen en eien. It roer op 'e slide of yn de skou, it wylde oanslûpe en

dan sjitte. Sjoerd Winia fan Ealahuzen hat my der gauris oer ferteld. Tweintich skiere guozzen leinen der op de splisse greide by It Heidenskip te koesen, de kopkes moai yn 'e fearen. Mei de platte wyldsjitte achter de reiden lâns kamen se de guozzen nei oan. Dan even fluitsje, de guozzen stieken de koppen omheech, Sjoerd pofte der trochhinne en der bleauwen fyftjin lizzen. De oare fiif krigen se ek noch, want dy hienen stikkene flerken. De hiele húshâlding en de neiste famylje yn ien skot, dat wie tweintich kear twa gûne. Der gyng in goed gûne ôf foar it krûd, want dat wie yn dy tiid djoer, mar de hagel hienen se sels makke fan spikerkoppen, klinknagels en in hantsjefol kûgels út in âlde fytsnaaf. Sjoerd en syn maat sieten yn dy snuorje yn de wurkferskaffing foar sân gûne en in kwartsje wyks, dat dy fertsjinnen yn ien kear in lyts fermogen. En yn deselde winter krigen se ek noch seis gûlswannen en net te min blau guod, lykas smjuntten, tjillings en readkopkes. Oft it allegear wier is, wit ik fansels net. Sokke ferhalen boazje letter gauris oan ta sterke stikken.

No wie it nuvere dat ik Bavius Bouma noait earder oer dat guozzeroer heard hie, wylst ik al jierren geregeldwei by him oer de flier kaam. Dat wie yn de tiid dat er noch ielfûken foar my makke. Hy breide se út ien stik, dus sûnder naden en dat binne de bêsten. Op 't heden keapje

de fûkstallers de netten by Lankhorst en dy hellet sok spul út China of Taiwan. Se naaie de fûken yninoar, sette der kant en klear kelen yn en keunststoffen hoepen en se ha wer ien klear foar de streuperij. Sa net Bavius. Dy breide se, mesk foar mesk, om de stokjes hinne en hy miste gjin stek. Hy die der tiden oer, mar alle kearen as er ien klear hie, belle er my op en dan moast ik komme. It koste gauris in heule middei. Wy beseagen sa'n fûke oan alle kanten, ik bearde der wakker fan en by einbeslút krige ik him foar in skaplik pryske mei. Foar in pear gûne mear as de kosten fan it jern en fan de hoepen, dêr kaam it op del. It gyng him net om it fertsjinst, mar mear om de wurdearring foar dat moaie stikje wurk. En dat wie oan my bestege, soks wist er.

It gyng him trouwens ek om it praat. Sjoch, Bavius wie in ienselvich man. Hy siet dêr mar yn dat nearzige keukentasje fan it útrûpele âldershûs achter it stasjon yn Akkrum. By it stiennen oanrjocht mei it twapits petroaljestel en sa'n fjouwerkante skiersulveren gaskachel ûnder it finster. Sûnt mem har ferstjerren, in fearnsiuw lyn, wie der neat feroare. Bavius wie gjin man foar mienskip, hy gyng net nei it doarpshûs te kaartspyljen of te biljerten. Kaartspyljen hied er sels in grouwélige hekel oan. Hy hie yndertiid te lang kaartspile, mear as in jier en gauris alle dagen, sei er. Hy woe ek net mei elkenien gedoente ha. De dominee fan de menistetsjerke, dêr't mem en heit oars

al ta behearden, hied er de doar wiisd en de maatskiplik wurkster fan de gemeente kaam net fierder as de achterdoar. Hy wie net ferkeard, hy stie elk te wurd, mar hy bleau op himsels. As it knap waar wie, gyng er ris in middei te fytsen, almeast de kant út fan De Deelen tusken De Tynje en Aldeboarn of nei de Botmar ûnder Boarn. Hy kaam ek yn Poppenhuzen en gyng by de Swette lâns. Dat wienen de kriteren dy't er eartiids mei heit bejage en befiske hie.

Bavius en ik koenen goed. Ik mocht deryn komme en wy praten oer froeger. Wy krigen gjin tee of kofje en likemin in slokje. Hy mocht gjin drank, sei er, en dat ik it wol mocht, hold er gjin rekken mei. Mar hy smookte as in skoarstien en altiten fan dy Amerikaanse of Ingelse sigretten, Bondstreet en Northstate. De skerpe lucht kaam jin yn 'e doar al temjitte, want Bavius wierre net. As de rook fan myn swarte sjek der noch by kaam, dan hienen wy nei in middeispetear it keukentsje sa fol rikke dat wy inoar noch mar krekt seagen.

Ik ha fan dy man frijwat leard. As jo him bygelyks fregen hoe't it yn it Fryske binnenwetter mei de kwabiel gien is, dan koe Bavius jo dat útlizze. Net elkenien kin dat wat skele, mar it is wol nijsgjirrich, hear. De kwabiel is in koarte fisk, hy liket op in iel, mar hy hat in brede platte kop mei twa snorhierren, in mearfal yn it lyts. Jierren lyn hie 'k hjerstmis altiten noch in pear yn de fûken. Eartiids

hienen de fiskers der winterdeis in breawinning oan. Yn de fûken fongen se dy fisken ûnder it iis en se barden tri-tich sinten foar in kilo. Sûnt der gjin bûtlân mear is, is der ek gjin kwabiel mear.

En dan de iel fansels. Op 'e Feenhoop ha jo by de Ielâns noch in pear stripen blaugerslân dat der winterdeis ûnderstrûpt. Yn febrewaris sei Bavius tsjin my dat ik dêr in pear platte fûkjies op sette moast, it lette neat dat de hoepen heal boppe wetter stienen. Ik die dat en ferduld, ik fong in moaie flut iel. Dy iel kaam op it kût ôf dat de snoek dêr ôfset hie.

Hoe liket it? frege Bavius. Ik sei dat it de earste wike goed fongen hie, mar dat it no dien wie. Bavius sei: Dan moatte jo de fûken derwei helje, oars steane se takom wike yn it iis. En ferdomd, ik krige se der mar krekt op 'e tiid út. Jawis, sei Bavius, dat hat noch noait oars west. Iel giet foar it waar op, as der winter komt, wit de iel it yn 't foar en dan geane se werom nei it djippe wetter.

De lêste jierren kaam ik net folle mear by Bavius, mar dat kaam troch him. Earst sei er my oan dat er gjin aardichheid mear oan it fûkbreidzjen hie. De eagen waarden minder, it sljochtwei breidzjen om de pinne hinne wie wol goed, mar by it stâljen en it ynsetten fan de kelen sloech er wolris in mesk oer. Op 't lêst telde er it tal mesken ek net sa goed mear en dan kaam in ynkeel der

wolris bryk yn. De lêste kubbe hie 'k gauris slymrinkjes yn, hy hie de knopen net goed oanhelle en de lytse iel wrotte der trochhinne.

Justjes letter died er te witten dat er nei it bejaarde-sintrum gyng. Hy wie der in kear by delfallen, in heule dei yn ûnmacht oer de flier lein ear't de buorlju him fûnen. Dat koe sa net langer, seinen de beide lêste omkesizzers en se praten him nei dat bejaarde-sintrum. Doe't ik dêr de earste kear by him op besite kaam, die bliken dat er gjin inkeld ferlet mear fan myn oanhâld hie. Hy siet achter de telefyzje en hie der gjin each ôf. Noait taald nei dat nije medium, al hie 'k it him withoefaak oanret, mar doe't er derfoar set waard, levere hy him der folslein oan oer. Der is in wrâld foar him iepen gien, sei de suster letter tsjin my. En hy woe mei my net iens mear oer de fiskerij en de jacht fan froeger prate.

Wel, doe fielde ik my net mear ferplichte. Ik sei dat ik noch wolris delkomme soe, mar dat die 'k net en hysels belle ek net. In wike of trije letter stiek ik dochs noch in kear by him oan. Ik hie yn in ielfûke in apart fiskje fongen, neffens my wie it in ielpiper, kleine modderkruiper neffens it boekje, mar ik wie der net wis fan. Bavius soe it wol witte en dy wist it ek. Jawis, in ielpiper. Ik hie him yn in stopflesse mei kraanwetter. Moatst it deksel der al ophâlde, sei Bavius, oars springt er der dy by tongerwaar út. En ek dat wie wier, as der swier waar yn 'e loft siet,

dan waard dat fiskje slim drok en gisele er bytiden tsjin it deksel oan. Ik ha him de heule simmer oanhouden en doe dochs mar wer swimme litten.

Mar goed, ik kaam mei dy ielpiper by Bavius en doe seach ik dat guozzeroer. Ik ha begrepen dat it in pear wike nei de ferhuzing foar it ljocht kommen is, doe't de omkesizzers de souder fan it âldershûs leech hellen. Omke, sille wy dat kanon mar by 't âld izer dwaan? No nee, dat guozzeroer moat ik hjir mar ha. En doe ha se him dat ûnder protest fan direktrise yn syn keammerke brocht.

En dêr moat it no fierders earst wer oer gean, oer dat guozzeroer.

'Hearken, ik wist net dat jo mei in guozzeroer jage ha, hjir ha wy it noait oer hân.'

'Dat koe wol,' sei Bavius.

It aldernijste wie doe blykber al fan de telefyzje ôf, it tas-tel stie yn elk gefal net oan.

'Ha jo der lang mei jage?'

'Ikke net, mar heit wol fjirtich jier en hy hat my ferteld dat it al in âld ding wie doe't hy it kocht. Do moatst mar rekkenje dat roer is mear as hûndert jier âld.'

Ik fersleepte him nei de midden fan it keammerke, doe koe 'k him better besjen. De hoanne en de spanfear wienen yntakt en it pypke dêr't it slachhuodsje op moat ek. Mar der siet gjin heak oan it foarhout en alle oare roeren dy't ik sjoen ha, hienen wol in heak. De heak kaam achter

in pealtsje en moast by it sjitten de weromslach opfange.

‘Hienen se de kolf gewoan tsjin it skouder?’

‘Heit al, mar hy hie der in sekje mei strie tusken. Likegoed hat er it skouder in kear stikken hân, it heucht my noch dat er der wol twa wiken mei út stel west hat. Doe wie dat bonkje ûnder it skouder wer oangroeid, mar it siet der bryk oan, jo koenen it letter ûnder it fel wol sjen.’

It wie fansels in foarlader. It krûd kaam der foar yn en waard mei de laadstok oanstoppe. Dêrnei kaam der in prop op en dan koe de lading deryn. Der moast wer in oare prop achteroan om de hagel te plak te hâlden. It foarste stik fan de loop wie nauwer, jo koenen sjen dat it der apart oansmeid wie. Troch dy fernauwing kaam der mear druk op en gyng de hagel fierder. Wêr’t de loop yn it foarhout siet, fûn ik de namme Leeds, in nûmer en in jiertal. It soe 1870 of sa wêze kinne, mar it izer wie sa faak skjirre dat jo sifers en letters net goed mear ûnderskiede koenen.

En doe seach ik yn de lingte fan de loop, krekt foar dat nauwe stik, in skuor fan altiten wol tsien sentimeter, tichtlaske, mar dúdlik waar te nimmen. Soks hie ’k by gewoane jachtgewearen wolris sjoen. Nije munysje yn âlde gewearen dy’t de druk net ha koenen en dan skuorde de loop. ‘Duvekater, dêr hat jo heit gelok hân, fan ’t selde hienen de biten en brokken fan de loop him de kop derôf skuord,’ sei ik.

‘Dat hie dan myn kop west,’ sei Bavius, ‘want dat skot ha ik derút jage.’

‘Bliksem, en hoe gyng dat en wêrom ha wy it dêr noait in kear oer hân?’

Bavius frimele in nij pakje sigretten iepen wylst de peuk fan de lêste sigret noch yn de jiskebak lei te dôvjen.

‘Rookloos kruit, hèn,’ sei er. ‘Rookloos kruit wie folle feniniger as it swarte krûd fan eartiids. Dat wist ik wol, mar Karst smiet it derby. Ik hie in drankromer foar de mjitte, oars hienen wy net. Wy hienen ien romer, as wy in flutsje drank yn de keet hienen, dan krigen de mannen der foar de nacht wat yn. En ik brûkte dy romer foar it krûd. Mar Karst tocht dat it te min wie, dy smiet der in heale romerfol krûd by. Dat kaam te bot oan, it hie mei minder ta kind. Mar soks betinke jo achternei, as it ferstân werom komt. Op dat stuit gyng it om libben en dea en wy dienen der krekt tefolle fan dat feninige krûd yn.’

‘Mar it pakte goed út?’

‘Dat sei ’k niis, hy hat it boadskip goed oerbrocht.’